

## Piter Boersma

### *Merakels sa't it klinkt en springt! Junglemuzyk yn Harns*

Sytse Jansma syn debútbondel begjint sa: 'yn in fado amsterdam is it presiis / fiif jier letter dat wy inoar wer sjogge'. De bondel einiget mei de rigel: 'bleate ijskodrippen en in bist / wurdt minsk wurdt bist'. De bondel hyt *Wa't tate seit moat ek whisky sizze*. Sa'n bytsje yn it midden fan 'e bondel, op side 31, stiet yn it gedicht 'hoeske fan de seedee': 'hingtythutten pilekokerkutton / maskerhollich doarpke dat / olé olé op de djembé / fan hot nei her en fan har nei hot'.

Dy earste twa rigels en dat hiele earste gedicht foarmje winliken in wûnderlik begjin foar de bondel. As men jin troch de tekstsen meinimme lit hat men net de assosjaasje mei fadomuzyk, mar mei jazz. De twadde ôfdieling fan 'e bondel hyt dan ek 'jazz en whisky'.

Op himsels is 'fado amsterdam' in moaie fynst: mankelyk Amsterdam. De lêste rigels fan it iepeningsgedicht binne binnen it kader fan it gedicht ek tige slagge: 'sûnder neonljocht nûnderet amsterdam / in fado yn bylûden de melody fan it momint'.

Dat iepeningsgedicht is in frij gewoan en tagonklik formulearre gedicht mei in alhiel net absurde ynhâld. De bondel begjint mei in gedicht dat winliken net oanslút by wat der fierder yn stiet. Of begjint de bondel der net mei? It gedicht is pleatst foar de titelside, as giet it oan de bondel foarôf, heart it der winliken net by. Ik wol it sa ynterpretearje: it gedicht 'fado masterdam' stiet foar poëzy dy't Sytse Jansma yn de bondel achter him litte wol en faaks ek de tradisjonele mankelikens dy't yn it fers ferwurde is. It kin ek sa formulearre wurde: it gedicht 'fado amsterdam', dat foarôf giet, stiet foar 'tate', de eigentlike bondel is dan de 'wishky'.

Wat foarm en oanpak oangiet foarmje de gedichten yn in beskaat opsicht in griemmank. Der stean proazagedichten yn mei heal ôfmakke, yninoar oerrinnende en oerinoarhinne stroffeljende sinnen, gedichten dy't hielendal of foar in part út losse ûnderinoar of achterinoar sette wurden of wurdsteapelings bestean en gedichten – dat binne de measten – dy't it hiele gedicht troch sinsferbân sjen litte, mar hast gjin folslein ôfmakke sinnen. Mar alle gedichten binne tige byldryk en hawwe in ynhâld dy't op assosjaasjes en each foar it absurde berêst.

De bondel bestiet út fjouwer ôfdielingen. De titels fan de earste 'dat minsk berne waard yn blauwe wurden' en de lêste 'harns op hol' tsjutte op in ferrin yn 'e tiid. De twa middelste ôfdielingen hite 'jazz en whisky' en 'seemansferhaal' en dy titels slute oan by 'harns op hol'.

Dy earste ôfdieling begjint mei in proazagedicht dêr't de dichter yn út ein set mei in jeugdbyld, 'dat minsk berne waard yn blauwe wurden by buorman efter hûs it earste ljocht kaam fan de wite fiverfisk skippyballen út minsk syn nâlejierren', mar einiget mei: 'mei skippyballen smyt dit fers kraters yn de tún fan buorman'. Al dichtsjend binne soargeleazens en ûnskuld ferdwûn, mar ek: de dichter is gjin bern mear...

Yn dy earste ôfdieling stean benammen gedichten dy't oer ûnderfiningen gean dy't de dichter opdien hat yn it (Surinaamske) oerwâld. Hy ferbynt de jeugd mei it oerwâld, de reis nei de folwoeksenens wurdt sjoen as in reis út it 'oerwâld' wei nei, yn it gefal fan de dichter, de stêd Harns. Of ek: syn dichterskip, alteast dizze bondel, is yn it oerwâld begûn, it oerwâld mei syn klanken, ûnbekende en ferbjusterjende saken en ûnbegryplikheden.

De hiele bondel troch komme sa no en dan bepaalde wurden of wurdgroepen werom: blauwe wurden, skippybal, brokkolybosk, tank foar de tip. Se komme werom sa as yn in muzykstik motiven dat dogge. Dy weromkommende motiven (mar dat binne net allinne wurden en

wurdgroepen, mar ek klanken, ritmen, assosjaasjes en sinskonstruksjes) soargje der foar, dat de bondel jin oankomt as moderne muzyk of jazz. Troch it oerwâldtema is der fansels ek de assosjaasje mei de Afrikaanske muzyk dy't net bûn is oan regels en dêr't de neidruk by leit op tromritmen. De gedichten binne op gjin inkelde wize (echt of dúdlik) ferheljend, Sytse Jansma fertelt yn syn gedichten net, liedt de lêzer net kreas in ferhaal, in gefoel, in gedachte troch, syn gedichten binne gjin útwurkingen, nee, hy ferwurdt yn syn gedichten gewaarwurdingen en bykommende assosjaasjes, dêr't er it (eventuele) ferbân net fan jout of op syn heechst suggerearret, en as al ris sprake is fan soksawat as in ferhaal dan wurdt dat yn alle gefallen net hapkleur jûn. Fan de twa folgjende gedichten is yn de earste amper of net sprake fan in ferhaal, yn it twadde wol, mar dan ferdekt:

***oer de râne fan in idee***

*oer de râne fan in idee wachtsje  
blauwe wurden yn hamsterwangen*

*kamieletien dobbelstien  
kebab fan kadavers  
prefab skelet*

*at dit gjin idee dan tank foar tip*

*brokkolyboskminsk smyt skippybal*

*by de wite frou yn rivier*

*dit is gjin serenade fan slachtosken*

*ûnder de hege loft*

*krûpt in minsk  
driuwt in skippybal  
hinget in idee oan 'e râne*

*kninelok knineflok knyflok knyfilok  
kat spint spin lûkt skonken út kokon*

(s. 18)

***njonken de bestjoerdersstoel***

*njonken de bestjoerdersstoel in rommelboel  
hoeske fan seedee de djippe negerlûden  
hûndert hektopeallen flitse troch myn hutu-holle  
track twa, ôfrit seis, sjongende swarthûden*

*fishfood loads by ôfrit sân track trije fûl  
beide brêgen ticht sliepe yn har waarme skurte  
njonken de bestjoerdersstoel in rommelboel*

*tutsi-tutte wachtet foar myn harnzer hutte*

(s. 30)

It dûken yn de debútbondel fan Sytse Jansma is it ûndergean fan ritme, klank en byld en it ta jin nimmen fan in absurde, betiizjende ynhâld.

Dy ynhâld is lichtfuottich, wurdt alteast lichtfuottich brocht:

*sjoch ik in stille tún mei lange skonken  
drink sjokomel út in pak  
brune noas  
rin op bleate fuotten  
keapje in hoed*

*sms famke sms famke*

*drink sjokomel út in pak  
brune noas  
wurd wekker  
moat pisje  
wol frije  
famke hat myn hoed op  
drink sjokomel  
fei noas skjin*

(s. 53)

Yn it boppesteande gedicht is sprake fan in famke. De hiele bondel troch komt geregeldwei it tema famke, leafde of seks om 'e hoeke ('triuw dyn waarme poepert / tsjin myn noas' (s. 28)), sa as ek yn it niis sitearre gedicht 'njonken de bestjoerdersstoel'. En dan binne wy tematysk dochs werom by it oan 'e bondel foarôfgeande gedicht 'fado amsterdam': 'spinreagen roppe om ús nâlewriuwen'. Noch in eksimpel, út it titelleaze prozagedicht op s. 59:

*fan myn búk de kâlde peterseelje út myn holle en op 'e nij  
wurdst wekker yn dyn piama slachst nochris om dy hinne  
sikest in frouwefoarm dy't njonken dy*

De bondel einiget mei it gedicht 'harns op hol' (s. 61), dêr't it trochdinderjende ritme de haadrol yn spilet. In útsmiter dy't der foar soarget dat de lêzer noch in kear hielendal út syn dak giet en krekt as it gedicht springt, draaft en dûnset dat it sta seit:

*slûzen ticht en brêgen del  
brune sûker sjokomel*

*tsjerkekroech en bibelbier  
shoarmatint' mei skjinne flier*

By de bondel heart ek in dvd. Dat is in moaie tafoeging. Der stean in stik as seis aparte filmkes op. Op it earste stiet in keppel hynders byinoar, dan komt der in stuitjende skippybal oan en

stowe de hynders utinoar, in tapaslik byld, dêr't ek op 'e achterflap de bondel mei typearre wurdt. Op it twadde draacht de gids by de tocht dy't Sytse Jansma troch it Surinaamske oerwâld makke it gedicht 'oerwâldwurd' foar yn it Saramakkaansk, de oerwâldtaal. Der stean ek animaasjefilmkes op, meast by de langere gedichten út de bondel. Hein Jaap Hilarides hat muzyk by de filmkes skreaun. Op 'e dvd stean filmkes dy't lichtfuottich en humoristysk binne en dûnsje, krekt as de gedichten yn de bondel.

Sytse Jansma hat yn syn debútbondel op linige wize fan alles útprebearre, konstanten dêrby binne de boartlik-absurdistyske ynhâld en de klam op klank, assosaasje en ritme.

Ik bin benijd nei it ferfolch. Hy hat troch de 'wrâld as jungle' dwaald, op en nêst de paden, fan hot nei her. Sil er yn nij wurk in beskate rjochting ynslaan? Hokker, hokker? Aparte dichter, lit ús net te lang wachtsje.

Sytse Jansma

*Wa't tate seit moat ek whisky sizze*

Friese Pers Boekerij, Ljouwert 2008